

Twadde Keamer fan de Steaten-Generaal
Xxx fraksje
Postbus 20018
2500 EA De Haach

Ljouwert, 20 july 2023

Rju achte Twadde Keamerfraksje,

Ynkoarten sille jo beslute hokker beliedsdossiers oft as kontroversjeel oantsjut wurde moatte en dêrom gjin regearbesluten fan it demisjonêre kabinet ferneare. As jo Ryksadvysorgaan foar de Fryske taal, ynsteld by de Wet gebrûk Fryske taal (2014), ferklearret DINGtiid hjirby mei klam dat wat ús oanbelanget it Fryske taalbelied op dit stuit gjin eleminten befettet dy't as kontroversjeel beskôge wurde kinne. Fansels binne der op detailnivo altyd mieningen dy't net folslein parallel rinne, mar der is gjin polityk ferskil fan ynsjoch oangeande de belangen en noeden fan de Fryske taal.

De lanlike bemuoienis mei it Frysk giet op it stuit inkelde advysdossiers oan dêr't DINGtiid him oer bûget, op fersyk fan de demisjonêr minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes. Sy hat dy fersiken op 5 july 2023 oan ús dien, foaral nei oanlieding fan in rige moasjes dy't yn novimber en desimber 2022 oangeande it Frysk yntsjinne binne troch de Twadde Keamer, en oannommen waarden troch de minister. Fierder binne Ryk en Provinsje Fryslân op dit stuit tegearre dwaande om de konsepttekst fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028 (BFTK) fêst te stellen. Dy BFTK sil neffens ferwachting ein dit jier ûndertekene wurde, nei't ek DINGtiid fan 't neijer syn wetlike advystaak útfiere kinnen hat, dy't ek it advisearjen oer de BFTK omfiemet.

It is neffens de fêste miening fan DINGtiid sa dat, benammen, dat BFTK-proses te wichtich is foar de Fryske taal om fertraging op te rinnen omreden fan de demisjonêre steat fan it notiidske kabinet. Wy werhelje dan ek ús driuwende fersyk om de beliedswurksumheden en beslútfarming om de BFTK hinne en de rinnende advystrajekten oangeande it Frysk, as net-kontroversjeel te beskôgjen.

Fansels binne wy ree om ien en oar neier ta te ljochtsjen.
Yn 'e ferwachting dat wy jo hjirmei genôch ynformearre hawwe,

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster
Foarsitter DINGtiid

POSTADRES

Westersingel 4
Keamer 0.11
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl
www.dingtiid.frl
@dingtiid

Tweede Kamer der Staten-Generaal
Xxx fractie
Postbus 20018
2500 EA Den Haag

Leeuwarden, 20 juli 2023

Geachte Tweede Kamerfractie,

U gaat binnenkort besluiten welke beleidsdossiers als controversieel aangemerkt dienen te worden en daarom geen regeringsbesluiten van het demissionaire kabinet toestaan. Als uw Rijksadviesorgaan voor de Friese taal, ingesteld bij de Wet gebruik Friese taal (2014), verklaart DINGtiid hierbij nadrukkelijk dat wat ons betreft het Friese taalbeleid momenteel geen elementen bevat die als controversieel beschouwd kunnen worden. Uiteraard zijn er op detailniveau altijd meningen die niet geheel parallel lopen, maar er is geen politiek verschil van inzicht rondom de belangen en noden van de Friese taal.

De landelijke bemoeienis met het Fries betreft momenteel enkele adviesdossiers waarover DINGtiid zich buigt, op verzoek van de demissionair minister van BZK. Zij deed deze verzoeken reeds op 5 juli 2023 aan ons, vooral naar aanleiding van een reeks moties die in november en december 2022 ten aanzien van het Fries zijn ingediend door de Tweede Kamer, en werden aangenomen door de minister. Verder zijn Rijk en Provincie Fryslân momenteel samen bezig de concepttekst van de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028 (BFTK) te bepalen. Deze BFTK zal naar verwachting eind dit jaar worden ondertekend, nadat ook DINGtiid dit najaar zijn wettelijke adviestaak heeft kunnen uitvoeren, die ook advisering over de BFTK behelst.

Het is naar de stellige mening van DINGtiid zo dat, vooral, dit BFTK-proces te belangrijk is voor de Friese taal om vertraging op te lopen wegens de demissionaire staat van het huidige kabinet. We herhalen dan ook ons klemmende verzoek om de beleidswerkzaamheden en besluitvorming rondom de BFTK en de lopende adviestrajecten ten aanzien van het Fries, als niet-controversieel te beschouwen.

Uiteraard zijn we bereid tot nadere toelichting.
In de verwachting u hiermee afdoende te hebben geïnformeerd,

Met vriendelijke groet,



Jan Koster
Voorzitter DINGtiid